

Beantwoording schriftelijke vragen artikel 47 Reglement van Orde

Kenmerk van de vraag : 21-06
Datum indienen vraag : 3 maart 2021
Naam vraagsteller : Mefr. M. Dotinga-van der Veen (FNP)
Portefeuillehouder : Mefr. P.M. Jonker
Ambtenaar : Mefr. E. Jager
Datum akkoord college : 22 juni 2021
Zaaknummer : Z2021-03265

Underwerp

Soarchbedriuwen

Op 3 maart 2021 hat de FNP-fraksje skriftlike fragen steld oer soarchbedriuwen.

By de beantwurding jûn op 1 april is tasein dat de rie ynformearre wurde soe oer de útkomsten fan de petearen dy't sawol troch Wmo Lokaal as troch SDF fierd binne mei de betreffende soarchoanbieder.

Reaksje kolleezje

Op 3 maart 2021 hat de FNP skriftlike riedsfragen steld oer soarchbedriuwen. Dit nei oanlieding fan in publikaasje yn de Ljouwerter Krante oer it troch Pointer en Follow the Money útfierde ûndersyk nei de jierrekens en dividindútkearings fan soarchoanbieders.

Op 1 april 2021 binne dizze fragen beantwurde neffens artikel 47 Reglement van Orde.

Yn de beantwurding is oanjûn dat sawol kontraktmanagement Wmo Lokaal as kontraktmanagement SDF it petear oangien soenen mei Aardema Thuiszorg. Sjoch antwurd 4 fan de beantwurding fan de skriftlike fragen. Mei dit skriuwen jouwe wy in weromkeppeling wat der út dizze petearen kommen is.

Troch Aardema Thuiszorg is eksplisyt steld dat sy troch de Ljouwerter Krante net heard binne yn dizze kwestje.

Op advys fan de akkountent hat Aardema Thuiszorg in part fan de winst fan de ôfrûne jierren (minder as 1% fan de oer dy jierren makke omset) oerboekt nei de oerkoepeljende bv fan Aardema Thuiszorg. Dit is troch de krante oanmerke as dividindútkearing, mar is dus in ynterne oerboeking fan de iene bv nei de oare. Ut de kontrôleferklearring fan de akkountent blykt dat dit kompleks, mar korrekt yn elkoar sit.

Konklúzje: út de petearen hat bliken dien dat hjir gjin sprake is fan fertsjinsten boppe de Wet Normering Topinkomens. Der binne gjin ûnrjochtmittige saken konstataarre. Der is fertrouwen yn de finansjele posysje fan dizze organisaasje. Dêrmei jildt foar sawol kontraktmanagement Wmo Lokaal as kontraktmanagement SDF dat it ûndersyk sletten is.